



Jiertal / saaknûmer: 2024-055037

MOASJE

Art. 48 RfO

Moasje oer in net op de aginda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 7 maart 2024

Underwerp: **De Stjer fan Noardeast-Fryslân**

De ried,

heard it beried,

konstatearjend dat:

- der op dit stuit gjin earepinning is yn ús gemeente;

oerwaagjend dat:

- der in wize wêze moatte soe wêrop wy immen tank sizze kinne foar útsûnderlike prestaasjes;
- in earepinning in moaie wize is om de wurdearring út te sprekken foar immen dy't op gehiel frijwillige basis him of har op bysûndere wize ynspand hat;
- in earepinning in moaie wize is om wurdearring út te sprekken foar immen dy't in opfallende prestaasje levere hat of wurksumheden dien hat;

fersiket it kolleezje:

- de Stjer fan Noardeast-Fryslân as earepinning in plak te jaan yn ús gemeente;
- de Stjer fan Noardeast-Fryslân yn sa'n foarm te jitten dat immen in moai oantinken kriget;
- út te wurkjen wannear't immen hjirfoar yn oanmerking komt, mar dit yn elts gefal te keppeljen oan in prestaasje op it maatskiplik, sosjaal, ekonomysk, wittenskiplik, sportyf, kultureel, natoer gebiet;
- de kosten te heljen út de representaasjekosten;
- in beoardielingskommisje te foarmjen, foarsitten troch de boargemaster, dy't de Stjer takent;
- de Ried hjiroer te ynformearjen,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: F. Meindersma (FNP)

Stimming	Foar: FNP, S!N, CDA, CU, BVNL, PvdA, GBNF, VVD (27)	Tsjin: -
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 7 maart 2024.

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer